

## Koarte presintaasje argus foar fûgelwacht Koudum

6 maart 2026 - Janneke Vorst

1. Jim witte alles fan greidefûgels.

Jûn wol ik koart wat fertelle oer greideflinters.

2. Der besteane 10 soarten gerislânflinters.

*argusflinter, brún dikkopke, brún sânke, donker pimpernelblauwtsje, grut dikkopke, heafke, ikarusblautsje, lytse fjoerflinter, oranjetipke en klaverblautsje*

De measten binne hast útstoarn.

In pear kinst hjir noch sjen.

argusflinter, ikarusblautsje, oranjetipke

3. Dizze flinters libje yn itselde gebiet as de skries.

In goed greidefûgelgebiet is ek goed gebiet foar dizze flinters.

Ekstinsyf beheard, net bedonge, blomryk gerislân.

4. De trochsneed efterútgong yn Europa is fiiftig persint.

5. Yn hiel Nederlân is fan de Argusflinter yn trietig jier noch mar twa persint oer.

6. It goeie nijs is dat er yn in pear gebieten noch wól foarkomt. Yn Fryslân is dat lâns de Iselmarkust, de Waadhoeke en SudWest Fryslân.

7. Fûgelwachters binne goede waarnimmers.

Jim binne in soad op ' en paad en kinne it gebiet goed.

Dêrom wolle wy oan jimme freegje waarnimmingsen fan de Argusflinter troch te jaan.

8. Hoe sjocht de argusflinter derút?

Oranje mei donkere eagen, arguseagen

9. Mei sletten wjukken falt er amper op troch syn skutkleur

10. Flinters ite nektar

Se brûke in roltong

Sy kinne goed kleuren sjen en hiel goed rûke.

Planten mei in soad nektar wurde nektarplanten neamd.

11. Flinters lizze harren aaike op planten dy't letter troch de rûpen iten wurde.

Dizze planten wurde waardplanten neamd. (Op dizze foto de lytse foks op'e brânnetel)

12. Rûpen binne sinnich

Se ite faak mar ien plantesoart

(De waardplant fan de keninginnepage is peen)

13. It oranjetipke leit ien aike de plant Faak op de pinksterblom.

14. Dit is de pop fan it oranjetipke Dy moat fan juny oant april sjen te oerlibjen.

15. Filmke: koalwitsje leit aaikes

16. Rups fan de sitroenvlinder

17. Pop fan de sitroenvlinder

18. Krekt út'e pop krûpt

In farske sitroenvlinder Dy oerwinteret as imago yn'e klimop

19. Basisferlet fan flinters

20. Blommen mei nektar

21. Jimme kenne de syklus fan in flinter

aai, rûp, pop, flinter (imago)

len syklus neamst in generaasje.

22. It oranjetipke docht dat ien kear yn it jier.

Dy is allinnich te sjen om ein april hinne.

23. De Argusflinter hat trije generaasjes yn it jier.

Der binne trije perioaden ast de argusflinter tsjinkomme kinst.

maaie, augustus en septimber

24. Wêr soest de flinter sjen kinne?

op blommen, yn berms, yn tunen

25. De flinter sit graach yn de sinne, op keale grûn, in houten stek of op de trep fan de dyk

26. Flinters sjen oerdei tusken 11.00 - 15.00

in soad sinne, net folle wyn

27. Waarnimmingsen trochjaan, kin op de webside waarneming.nl  
fûgels, flinters, planten, alle soartgroepen

Der is ek in App foar dyn telefoan, Obsidentify.  
Dat is oaninoar keppele.

28. Hjir sjochst myn waarnimmingsen fan de Argusflinter fan ferline jier. Lâns de  
dyk, myn fytstochtsje, en myn hûs yn Piaam. Kinst fan alles opsykje. Ik fyn it sels  
hiel leuk om troch te jaan wat ik sjoch yn de natuer.

29. Hoe't dat krekt wurket, soene wy in kear in workshop organisearje kinne.

30. Wêrom is dat wichtich?

Hoe mear wy witte fan it libben fan de Argusflinter en wêr't er noch foarkomt.  
Hoe better wy him beskermje kinne  
(Mear witte om te beskermjen)

31 Goed behear foar de Argusflinter = Goed behear foar de skries

32. Wat kinst dwaan om de Argusflinter te helpen? • Blommen siedzje - foar de  
flinters • Minder meanen - foar de rûpen • Waarnimmingsen trochjaan - foar  
ûndersyk en beskerming

33. Wat docht Actie Argus?

'n hiel soad  
we kinne net langer wachtsje

34. Ast meidwaan wol,  
hjir is it emailadres en fan de webside  
Tank foar jimme oandacht

meedoen@reddeargusvlinder.nl